

HEGER-ÛNDERWIISAKKOART FRYSLÂN

(Oerienkomst foar fuortsterking fan it heger ûnderwiis yn Fryslân)

“Nei in innovative en learende regio”

YNHÂLD

KONSIDERÂNS

Fyzje en ambysje	3
Ûntwikkelings oant no ta: ûnderwiiskwaliteit en akademysk klimaat	4
Alfde fakulteit	5
Doel oerienkomst	6

OERIENKOMST

1. Berik	8
2. Útgongspunten	8
3. Doelwearden	10
4. Útfiering, bestjoer en termyn	11

Taheakke: besteande gearwurkingsôfspraken en koarte beskriuwing partijen	14
--	----

KONSIDERÂNS

Fyzje en ambysje

Yn de kenniseconomy is ûnderwiis fan beskiedend belang. Om ek yn de takomst foar ynnovaasje en produktiviteitsgroei soargje te kinnen, en mei dwaan te kinnen yn ynternasjonalisearring, is in learende economy fanneden. In learende economy makket it mooglik om him oan nije omstannichheden oanpasse te kinnen. It fuortsterkjen fan it responsyf, absorptyf en ynnovatyf fermogen is - neffens de Wetenschappelijke Raad voor het Regeringsbeleid (WRR) - in beskiedende faktor om it takomstich fermogen om te fertsjinjen fan Nederlân - en dus ek fan Fryslân - te boargjen.¹

Fryslân rjochtet him op de transysje nei in duorsume, op kennis en ynnovaasje basearre economy. De transysje is yn de foar Fryslân wichtige sektoaren as lânbou & itensyndustry en rekreaasje & toerisme. Yn de regio binne dêrnjonken unike spearpunten lykas wettertechnology, suvel, hightech fabryksproduksje en meartaligens. De ûntwikkeling fan sûnensoarch spilet ek in wichtige rol. De provinsje Fryslân hat de ambysjes en opjeften yn de Kennisagenda Fryslân 2015-2025 ûnder wurden brocht, dy't troch de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip (OCW) as beoardielingsramt foar nije opliedings yn de regio mei oanwiisd is.²

Om it konkurrinsjefermogen fan Fryske ûndernimmings op peil te hâlden en te ferbetterjen en sa wurkgelegenheid feilich te stellen, is ynnovaasje fan libbensbelang. Kennis en ynnovaasje binne essinsjeel foar ekonomysk súkses fan it bedriuwslibben en foarmje de basis fan de falorisaasjestrang. Kennis kriget maatskiplike wearde as dy dield en tapast wurdt yn konkrete maatskiplike oplossings of produkten. In goede ferbining tusken ûndersykinstellings, bedriuwen en maatskiplike partijen is beskiedend foar kennissirkulaasje.

Ynnovaasje en duorsume ekonomyske groei freegje om ynvestearrings yn kennis en heger oplate minsken. In tekoart oan heger oplate minsken remmet ynnovaasje. Foar in goed fêstigingsklimaat yn de regio is it essinsjeel om heger oplate minsken te krijen en te hâlden en om oer genôch regionale saakkundigens foar it bedriuwslibben te beskikken. It giet om it ferankerjen fan it ynnovative mkb yn de regio en op R&D-rjochte grutte bedriuwen. Ien fan de kearnproblemen yn de regio is dat it oandiel heger oplate minsken yn de beropsbefolking lytser is as de Nederlândske trochsnee, benammen as it giet om it oandiel fan de Fryske (berops)befolking dat in universitêre oplieding hat. It aanbod fan heger oplate minsken is ek fan belang, om't it fermogen om te fertsjinjen fan de beropsbefolking gearhinget mei it opliedingsnivo.

Yn in tal foar Fryslân wichtige sektoaren wurde arbeidsmerktekoarten ferwachte, krekt op de hegere opliedingsnivo's en op technologysk mêd. De fraach nei heger oplate minsken nimt ta, primêr troch technologyske ûntwikkelings dy't mear rûtinemjittich wurk oerstallich meitsje. Der moat yn de takomstige arbeidsfraach foarsjoen wurde, benammen fan ynnovative en eksportearjende sektoaren yn de regio, sadat oan in goed fêstigingsklimaat bydroegen wurdt. Ynvestearje yn *human capital* is mei dêrom ien fan de toprioriteiten fan de provinsje.

¹ Responsyf wol sizze dat de economy handich ynspilet op in feroarjende wrâld. Absorptyf wol yn dit ferbân sizze dat bedriuwen en befolking goed ree binne om ûnder mear nije kennis op te dwaan en ynspylje kinne op technologyske fernijings. Wetenschappelijke Raad voor het Regeringsbeleid, Naar een lerende economie, Wetenschappelijke Raad voor het Regeringsbeleid, Den Haag, novimber 2013.

² Provincie Fryslân, Kennisagenda Fryslân 2015-2025, en Brief minister van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap, maaie 2015.

Untwikkелings oant no ta: ûnderwiiskwaliteit en akademysk klimaat

Yn de ôfrûne fyftjin jier is in soad bard om it ûnderwiis yn Fryslân fuort te sterkjen. Ynspannings wiene op ûnderwiiskwaliteitsferbettering (basisûnderwiis, fuortset ûnderwiis) en ûnderwiisfernijing (benammen mbû) rjochte. It meartalich ûnderwiis yn Fryslân hat ek in flinke ûntwikkeling trochmakke.

De ôfrûne jierren binne ek de hegeskoallen sterk yn ûntwikkeling. NHL Hogeschool en Stenden University of Applied Sciences wurkje nauwer gear. De NHL Hogeschool leit him ta op de tema's 'vital regions' en 'smart sustainable industries'. Stenden University, mei in sterk ynternasjonaal profyl en netwurk, hat him 'toerisme, recreatie en hospitality', 'educatie zorg & welzijn' en 'biobased materials' spesjalisearre. Van Hall Larenstein (VHL) University of Applied Sciences hat in sterke posysje op de eigen dielmerk en rjochtet him op de trije gearhingjende spearpunten: 'water & land/natuur', 'voedsel/dairy' en 'dier/dierenwelzijn'. De Minerva Academie voor Popcultuur, ûnderdiel fan Hanzehogeschool Groningen University of Applied Sciences, biedt in unyk bachelorprogramma *popular culture* yn kombinaasje mei de oplieding muzyk en foarmjouwing.

Op akademysk terrein hat yn it resinte ferline de yn Ljouwert oanbean master environmental & energy management (MEEM) fan Universiteit Twente en de Wetsus Academy (in joint degree Master Watertechnologie fan Universiteit Twente, Wageningen University & Research centre en Rijksuniversiteit Groningen) mei tanimmende studinte-oantallen in ynternasjonale posysje bemachtige. Dat lêste jildt ek op ûndersyksgebiet foar de PhD-programma's fan benammen de Fryske Akademy en Wetsus. Mei de Dairy Campus hat Fryslân in unike ynstelling op it mêd fan agrofood yn hûs krigen. ûnderdielen binne - yn gearwurking mei Wageningen University & Research centre - in Dairy Campus Ynnovasjeprogramma en in Dairy Campus Edukaasjeprogramma (rjochte op profesjonele en akademyske masters). Dêrnjonken hawwe Fryske hegeskoallen súksesfolle promoasjetrajekten, publikaasjes en oare wichtige resultaten op akademysk terrein boekt. Mei it Medisch Centrum Leeuwarden is der yn Fryslân in topklinysk opliedingssikehûs oanwêzich dat al in bewiisde tradysje hat op it mêd fan oplieding yn kombinaasje mei wittenskiplik ûndersyk.

Mei de komst fan de University Campus Fryslân (UCF) yn 2011 binne fierdere akademyske ûntwikkeling fuortsterke. Yn gearwurking mei it bedriuwslibben binne mear akademyske masteropleiding en PhD³-trajekten nei Fryslân helle. Dêrmei binne op in tal Fryske spearpunten trochrinnende learlinen ta stân kommen. Yn it fisitaasjerapport dat oer de UCF opsteld is, is ien fan de konklúzjes:

“Met de vorming van een universitaire campus in Leeuwarden wordt op het vlak van academisch onderwijs en onderzoek voor de Friese samenleving potentieel een enorme meerwaarde gerealiseerd”⁴.

Yn de ôfrûne jierren is ek oan it fuortsterkjen fan it akademysk klimaat yn Ljouwert wurke troch yn te setten op studintefoarsjennings en akademyske aktiviteiten. Yn dat ramt is yn 2014 in wichtige stap set mei de ûndertekening fan in strategysk gearwurkingsferbân tusken UCF, gemeente Ljouwert, Tresoar en Stichting Leeuwarden Studiestad.

³ Doctor of Philosophy

⁴ Commissie Hoekstra, Externe evaluatie UCF. University Campus Fryslân 2011-2014, Ljouwert, july 2014.

Ekonomyske tema's en regionale kennisynfrastruktuer

De regionale kennisynfrastruktuer is om de ekonomyske tema's en swierdepunten fan de regio hinne organisearre, en komt ta útdrukking yn regionale kennisynstituten en ûnderwiis- en ûndersyksprogramma's. Troch opliedings en ûndersyksprojekten binne ûnderskate universiteiten ferbûn mei regionale hegeskoallen en bedriuwslibben yn de regio.

- **Wettertechnology:** Wetsus, Water Alliance, Centre of Expertise Water Technology, Centrum voor Innovatief Vakmanschap Water en oare partijen (yndividueel en gearwurkjend as WaterCampus Leeuwarden); op ûnderwiis; en ûndersyksgebiet gearwurking fan mear as 150 bedriuwen mei mbû, hegeskoallen (û.o. NHL Hogeschool en Van Halle Larenstein mei de lektoraten wettertechnology), Universitair Medisch Centrum Groningen (UMCG), Wageningen University & Research centre (Wageningen UR), Rijksuniversiteit Groningen (RUG), Universiteit Twente (UTwente) en Technische Universiteit Delft (TU Delft), Universiteit Eindhoven en fyftjin oare Europeeske universiteiten en kennisynstellings. De ympakt en profiearring fan Ljouwert/Fryslân as stêd/regio fan wettertechnology hawwe ûnder oare laat ta de oanwizing fan Ljouwert as *Innovating City* fan de Verenigde Naties op it mêd fan wettertechnology.
- **Agrofood:** Dairy Campus Ynnovaasjeprogramma en it Dairy Campus Edukaasjeprogramma; gearwurking tusken mbû, hegeskoallen en Wageningen UR; ûntwikkeling fan in Dairy Competence Center binnen RUG/Campus Fryslân yn nauwe gearhing mei Dairy Chain en Dairy Campus.
- **Hightech fabryksproduksje:** Innovaasjekluster Drachten High-Tech Systems & Materials; gearwurking tusken Philips Consumer Lifestyle en oare besibbe ûndernimmings, RUG en UTwente. Underskate lektoraten fan NHL Hogeschool binnen it swierdepunt 'smart sustainable industries' rjochtsje harren op high tech fabryksproduksje.
- **Toerisme:** Stenden/European Tourism Futures Institute (ETFI) en RUG; gearwurking tusken hegeskoallen en universiteit.
- **Meertaligheid:** bachelor Minorities & Multilingualism en master Multilingualism; lectoraat Meertaligheid NHL Hogeschool en Stenden; gearwurking tusken RUG, Fryske Akademy, Tresoar en Afûk.
- **Health & Life sciences:** Medisch Centrum Leeuwarden, RUG, Noordelijke Hogeschool Leeuwarden, Stenden, en ek tal fan oare soarchorganisaasjes. Akademyske wurkpleats Gemeentelijke GezondheidsDienst (GGD), Briedplak projekt ynnovaasje soarchberoppen. PhD/ûndersyksprogramma's.
- **Duorsumens/leefberens:** û.a. de ûntwikkeling fan de MEEM; gearwurking UTwente, Waddenacademie, Medisch Centrum Leeuwarden (MCL) en hegeskoallen; leefberensûndersyk (RUG, Fryske Akademy); lektoraten duorsumens/leefberens fan Stenden University; ûndersyksgroep duorsumens fan de NHL Hogeschool út.
- **Law & governance/feiligens:** gearwurking RUG en Thorbecke Academie (ûnderdiel NHL Hogeschool).

Alfde fakulteit

De RUG, de provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert hawwe op 17 febrewaris 2016 in oerienkomst ûndertekene om in alfde fakulteit (RUG/Campus Fryslân) yn Ljouwert te fêstigjen. De ôfspraken oer de fêstiging, it subsidzje en de dêroan ferbûne betingsten binne dêryn fêstlein. De alfde fakulteit omfiemet:

- in residinsjeel Ingelsktalich bachelor college (University College), rjochte op de bestudearring fan regionale hotspots mei ynternasjonale diminsjes fanút polityk, filosofy, psychology en ekonomy (PPPE);
- in master college en in ynternasjonale graduate/PhD-school as fuortsetting fan in grut part fan de aktiviteiten fan UCF;

- in iepen platfoarm foar gearwurking tusken universiteiten, kennisinstellings, hegeskoallen en bedriuwen.

It bachelor college, it master college en de graduate school wurde yn gearwurking mei hegeskoallen, kennisinstellings en oare partijen opset. Wittenskiplike opliedings moatte harren wat baankânsen foar ôfstudearren oanbelanget ek op de arbeidsmerk bewize en rendabele studinte-oantallen lûke. Dêrom wurdt by de ûntwikkeling fan it ûnderwiisoanbod útgien fan de Kennisagenda en rekken hâlden mei takomstige winsken fan wurkjouwers en studinten.

De RUG is yn Noard-Nederlân woartele en hat 'fan natuere' in wichtige posysje yn de noardlike regio. De RUG rjochtet him op de maatskiplike tema's 'healthy ageing', 'energy' en 'sustainable society' en kin in wichtige bydrage oan Fryslân leverje. UTwente en Wageningen UR binne troch spesifike tema's en saakkundigens oan Fryslân ferbûn. Foar de belutsen universiteiten is de lokaasje yn Fryslân logysk en in oanfolling op it eigen opliedingsoanbod, dat earne oars net goed te realisearjen wêze soe. De alfde fakulteit slút oan op it ryksbelied dat ek rjochte is op in ferankering en ynpassing fan universiteiten yn de regio.

Doel oerienkomst

Fryslân stribbet nei in gearhingjende string fan opliedings fan basisûnderwiis ôf oant universitêr ûnderwiis. It Heger-ûnderwiisakkoart Fryslân is it strategyske ramt, dêr't ôfspraken oer gearwurking yn opliedings fan heger ûnderwiis yn gearkomme. It giet yn de oerienkomst fan de iene kant om it boargjen en it yn stân hâlden fan wat de ôfrûne jierren opboud is en fan de gearwurking dy't ta stân kommen is; de oerienkomst foarmet om samar te sizzen de 'kop' op it hiele Fryske ûnderwiisgebou. Fan de oare kant giet it om in ramt wêrmei't de regio by steat is effektyf en fleksibel yn te spyljen op nije ûntwikkelings yn de ekonomy en de maatskippij. De oerienkomst fuortsterket de takomstbestindigens en it adaptyf fermogen fan de regio.

Yn de oerienkomst sprekke de partijen harren reewilligens út om, binnen de útgongspunten fan de oerienkomst, meimekoar gear te wurkjen oan in sterk oanbod fan opliedings fan heger ûnderwiis yn Fryslân. It mienskiplike doel is in krêftich, bestindich en kwalitatyf heechsteand heger ûnderwiis oanbod yn Fryslân dat oanslút op de fraach fan it bedriuwslibben en nasjonale en ynternasjonale netwurken.

De oerienkomst jout it ramt oan, wêryn't de gearwurking ta stân komt op grûn fan de eigen unike en selsstannige posysje fan de ynstellings. De oerienkomst bout troch op earder makke ôfspraken tusken partijen ûnderling en tusken partijen en de regionale oerheid. Dy ôfspraken bliuwe bestean en wurde net troch in oerienkomst ferfongen.

De kearn fan de oerienkomst giet om in gehiel fan gearhingjende ambysjes:

- I. De Fryske hbû-ynstellings wolle harren posysje fierder fuortsterkje, ûnder oare troch in goed totaal oanbod yn it Fryske heger ûnderwiis fan staaazjes, trochrinnende learlinen rjochting associate degrees, (pre)masters, profesjonele masters en akademyske masters, en oansluting op ekonomyske spearpunten.
- II. Fryske kennisinstellings⁵ (Wetsus, Fryske Akademy, Waddenacademie, Dairy Campus en it Medisch Centrum Leeuwarden) wolle elts op harren eigen tema's harren posysje fuortsterkje troch in oanhâldend en kwalitatyf heechsteand

⁵ It seit himsels dat universiteiten en hegeskoallen ek kennisinstellings binne. Yn dat akkoart wurde ûnderwiis- en kennisinstellings ta ferdúdling kategorysearre.

oanbod fan masteropliedings en/of (promoasje)ûndersyksprojekten, en troch it fuortsterkjen fan it akademysk imago fan Ljouwert.

- III. De RUG, de provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert binne oerienkommen dat der in alfde fakulteit (RUG/Campus Fryslân) yn Ljouwert komt. Aktiviteiten fan de RUG, dêrûnder in residinsjeel bachelor college (University College), in master college en in ynternasjonale graduate/PhD-school (bûten it kennisfjild wettertechnology), krije dêr harren beslach.
- IV. De RUG wol binnen de Campus Fryslân in wêzentlike útwreiding fan it tal masteropliedings befoarderje, njonken de al besteande master-opliedings. Dat bart op basis fan it iepen platfoarm en yn oparbeidzjen mei belutsen universiteiten, Fryske hegeskoallen, Fryske kennisynstellings en bedriuwen, en ûnder oare inte op de Kennisaginda.
- V. Wetsus is it *European centre of excellence for sustainable water technology*, en foarmet it akademyske netwurk dêr't mei bedriuwen, universiteiten en oare kennisynstellings it multidisiplinêre ûndersyksprogramma foar fundaminteel en tapast ûndersyk om wettertechnology hinne útfierd⁶ wurdt. Wetsus is ek ferantwurdlik foar de organisaasje en koördinaasje fan de trochrinnende learlinen op it mêd fan wettertechnology.
- VI. NHL Hogeschool en Van Hall Larenstein leverje troch it Centre of Expertise for Watertechnology in wichtige bydrage oan tapast ûndersyk en BSc⁷ ûnderwiis op it mêd fan wettertechnology en oan wetter relatearre ûnderwerpen.
- VII. UTwente bliuwt har master MEEM oanbieden en ûntwikkelet eventuele fierdere aktiviteiten yn nau oerlis mei de oare partners.
- VIII. RUG ûndersiket yn gearwurking mei Wageningen UR de mooglikheid om in ûnderskiedende master track dairy op te setten binnen in besteande masteroplieding.
- IX. De alfde fakulteit fan de RUG is in fakulteit yn inge sin, mar ek in iepen platfoarm dêr't fanút elk syn saakkundigens en profyl gearwurking op basis fan lykwaardigens mei oare universiteiten, kennisynstellings, hegeskoallen en bedriuwen yn beslach kriget.
- X. Tresoar, Stichting Leeuwarden Studiestad, de gemeente Ljouwert en UCF wolle it studinteklimaat yn Ljouwert fuortsterkje troch it oanbod fan akademyske gearkomsten en aktiviteiten, in goed kultureel-wittenskiplik programma, de ynrjochting fan in stúdzjesintrum foar studinten fan de Ljouwerter hegeskoallen, universitêre masterstudinten en ûndersikers, in mienskiplike yntroduksje en sportfoarsjennings⁸. RUG/Campus Fryslân is ree om it takepakket fan UCF oer te nimmen, as it giet om de ûntwikkeling fan it akademyske klimaat yn Ljouwert, lykas it Studium Generale, de Gemma Frisius lêzing en it wittenskipskafee. Mei it each op it relatyf grutte tal MSc's⁹ en PhD's binnen Wetsus en de master MEEM, sille Wetsus en UTwente aktyf op bepaalde ûnderdielen belutsen wurde.

⁶ By Wetsus binne (yn 2015) sawat 65 PhD's op wettertechnologygebiet ûnderbrocht binnen it eigen ûndersyksprogramma. Oare Fryske PhD's binne op dit stuit benammen by de Research School fan UCF ûnderbrocht. Dêrûnder falle yn de hjoeddeistige situaasje noch fiif rinnende Wetsus PhD's, dy't fia UCF kofinansiering krigen hawwe.

⁷ Bachelor of Science

⁸ Oerienkomst fan gearwurking foar fuortsterking fan akademysk klimaat Ljouwert, Tresoar, Stichting Leeuwarden Studiestad, UCF, gemeente Ljouwert, Ljouwert, 2013.

⁹ Master of Science

- XI. De provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert ûnderskriuwe de boppesteande ambysjes en wolle de gearwurking tusken partijen, dy't bydraacht oan in sterk heger ûnderwiis yn Fryslân, stypje.

OERIENKOMST

1. Berik

De oerienkomst giet oer de gearwurking tusken partijen om masteropliedings en promoasje-ûndersyksprojekten op te setten. Binnen de oerienkomst kinne gjin juridyske ferplichtings ôftwongen wurde.

- 1.1 De oerienkomst giet oer ôfspraken oer gearwurking tusken de folgjende partijen:
- universiteiten/hegeskoallen: Rijksuniversiteit Groningen/Campus Fryslân (hierna: RUG/Campus Fryslân), Universiteit Twente, Wageningen University Research centre, NHL Hogeschool, Stenden University of Applied Sciences, Van Hall Larenstein University of Applied Sciences, en de Minerva Academie voor Popcultuur Hanzehogeschool Groningen University of Applied Sciences;
 - Fryske kennisinstellings (Wetus, Fryske Akademy, Waddenacademie, en Dairy Campus, Medisch Centrum Leeuwarden);
 - aanbieders fan studintefoarsjennings (Tresoar);
 - (regionale) oerheden (provinsje Fryslân, gemeente Ljouwert).
- 1.2 De gearwurking biedt eksplisyt romte oan oare relevante partijen binnen en bûten Fryslân, lykas oare universiteiten en it bedriuwslibben, om apart ôfspraken te meitsjen oer mooglike masteropliedings en promoasjeûndersyksprojekten. Dy ôfspraken binne gjin ûnderdiel fan dizze oerienkomst, mar de oerienkomst foarmet foar de provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert wol it ramt foar dy ôfspraken foar safier't sy oan provinsjaal en/of lokaal belied reitsje. Partijen binne frij om mei oare partijen masteropliedings en promoasjeûndersyksprojekten op te setten.

2. Útgongspunten

- 2.1 De ambysjes fan dizze oerienkomst kinne allinnich mar realisearre wurde troch gearwurking tusken partijen. Alle partijen erkenne dat ûnderlinge beliedsôfstimming tusken de oanwêzige kennisinstellings fan belang is.
- 2.2 De oerienkomst bout fierder op earder makke ôfspraken tusken de yn 1.1 neamde partijen ûnder inoar, tusken de yn kêst 1.1. neamde partijen en oare partijen, en tusken de yn kêst 1.1. neamde partijen en de regionale oerheden. Dy ôfspraken bliuwe en wurde net troch de oerienkomst ferfongen. (Sjoch foar de meast wêzentlike ôfspraken de taheakke.)
- 2.3 De masteropliedings en promoasjeûndersyksprojekten, dy't binnen dizze oerienkomst falle, moatte kwalitatyf heechsteand wêze en bydrage oan feardichheden en kennis dy't passe by de krêft en kânsen fan it Fryske bedriuwslibben en de skaaimerken fan Fryslân. Fan belang is dat de opliedings in 'natuerlik' plak yn Fryslân hawwe, omdat dêr kennis op de spesifike tema's oanwêzich is by de kennisinstellings likegoed as by bedriuwen.

- 2.4 De universiteiten komme oerien dat nije masteropliedings dy't yn Fryslân oanbean wurde, ûnderskiedend wêze moatte oangeande it hjoeddeistige oanbod, sa dat it net soarget foar in net winske delgong fan de al besteande masters wat nivo oanbelanget. Foarôfgeand oan de ûntwikkeling fan nije masteropliedings is der ôfstimming mei de ûnderskate partijen.
- 2.5 RUG/Campus Fryslân foarmet it platfoarm dêr't de aktiviteiten fan de Rijksuniversiteit Grins binne, en dêr't gearwurking fan de Rijksuniversiteit Grins mei oare universiteiten, kennisynstallings, hegeskoallen en bedriuwen syn beslach kriget. Dy aktiviteiten binne oanfoljend oan it hjoeddeistige ûnderwiis- en ûndersyksoanbod yn Fryslân en bouwe fierder op de masteropliedings dy't al ta stân brocht binne.
- 2.6 De partijen komme oerien dat troch de provinsje Fryslân (mei)betelle promoasjeûndersiken fanút de universiteit yn Fryslân útfierd wurde kinne. De promoasjeplechtichheden kinne yn Fryslân har beslach krije, en as soks nedich is passe de universiteiten harren no jildende promoasjereglemint oan.
- 2.7 It fûnemintele en tapaste ûndersyk om wettertechnology hinne bliuwt de ferantwurdlikens fan Wetsus, dat tagelyk ferantwurdlik is foar de organisaasje en koördinaasje fan de trochrinnende learlinen, ynklusyf masters, op it mêd fan wettertechnology. De graduate/PhD-school fan RUG/Campus Fryslân is net foar PhD's op it mêd fan wettertechnology.
- 2.8 It ûnderwiis en it ûndersyk om de MEEM hinne bliuwt de ferantwurdlikens fan UTwente.
- 2.9 By ôfspraken oer Fryske opliedings is it unike en de selsstannigens fan de Fryske ynstellings in gegeven. De ûntwikkeling fan opliedings is fanút oertis mei relevante regionale partijen op basis fan lykweardigens en rekken hâldend mei it eigen karakter en it profyl fan de Fryske ynstellings.
- 2.10 Gearwurking mei oare partijen as de yn kêst 1.1 neamde partijen, is by foarkar ûnderdiel fan it iepen platfoarm sa't dat yn dizze oerienkomst beskreaun stiet. Oanfoljende ôfspraken tusken partijen oer spesifike opliedings binne mooglik en lizze by foarkar safolle mooglik op 'e selde streek mei it gehiel fan de Fryske ôfspraken.
- 2.11 De oerienkomst foarmet it ramt foar spesifike ôfspraken dy't foar elts(e) sektor of dielterrein troch de RUG/Campus Fryslân en oare by dy sektor/dat dielterrein belutsen partijen makke wurde.
- 2.12 De gearwurking kriget ek syn beslach yn it ramt fan de ambysjes en opjeften sa't dy yn de Kennisaginda steane, dy't troch de minister fan OCW mei oanwiisd is as beoardielingsramt foar makrodoelmjittigens foar nije opliedings yn de regio. Dy aginda is yn maaie 2015 goedkard troch de ministearjes fan OCW en Ekonomyske Saken (EZ).

3. Doelwearden

Gearwurking

- 3.1 Partijen sprekke harren reewilligens út om, binnen de útgongspunten fan de oerienkomst en mei behâld fan de eigen ûnderwiis- en ûndersyksprogramma's, aktyf by te dragen oan en mei-inoar gear te wurkjen om in krêftich en bliuwend heger ûnderwiisoanbod yn Fryslân ta stân te bringen. Dat oanbod moat oansletten wêze op de fraach fan it bedriuwslibben en nasjonale en ynternasjonale netwurken. Der is dêrby oandacht nedich foar takomstige ûntwikkelings om ynspylje te kinnen op feroarings yn de maatskippij en de ekonomy oer it generaal, en de spesifike fraach nei opliedings.
- 3.2 ûnderdiel fan de RUG/Campus Fryslân is in master college en in ynternasjonale graduate/PhD-school (bûten it kennisgebiet fan wettertechnology). It stribjen is om sawat tsien masters op te setten (ynklusyf de hjoeddeistige masters wettertechnology, MEEM, meartaligens en honours master HTSM) dy't oanfoljend oan it besteande oanbod fan opliedings yn Fryslân binne, safolle mooglik keppele oan bekende tematiken fan de Fryske ekonomy en maatskippij (de Fryske hotspots), lykas dy yn de Kennisagenda steane en oanslute op ûntwikkelings yn de ekonomy en maatskippij. De opset, organisaasje en posysje fan de besteande masters wettertechnology en MEEM wurde net wizige. De master twataligens giet yn har besteande opset, organisaasje en posysje sûnder wizigings mei oer nei it master college. RUG, UTwente en NHL Hogeschool/Stenden ferkenne de mooglikheden foar gearwurking om mei ûnder oare Philips Drachten de pilot foar in master HTSM fierder fuort te sterkjen. De hegeskoallen ûntwikkelje yn oparbeidzjen mei relevante partijen premasters dy't by de masters oanslute.
- 3.3 As fuortsetting fan UCF is in iepen platfoarm foar akademyske masteropliedings ûnderdiel fan de RUG/Campus Fryslân. It iepen platfoarm draacht by oan in kultuer fan kennissirkulaasje en ko-kreaasje.
- 3.4 De RUG, de WUR en Dairy Campus sille safolle mooglik gearwurkje oangeande de ûntwikkeling fan in Dairy Chain Competence Centre (DCCC). It DCCC wurdt in firtueel sintrum - in gearwurkingsferbân fan bedriuwen, ynstellings en ûnderwiisynstituten - mei as doel it wittenskiplik ûndersyk op suvelgebiet yn Nederlân safolle mooglik yn ûnderlinge gearhing ta stân te bringen.

Studinteklimaat

- 3.5 It studinteklimaat yn Ljouwert wurdt fuortsterke. Dêrta kriget Tresoar yn it ramt fan har wittenskiplike stipefunksje de rol fan ynformaasje- en stúdzjesintrum ('fakulteitsbiblioteek'). De ynfolling fan de útwreiding en opwurdearring fan de wittenskiplike stipefunksje fan Tresoar wurdt fierder útwurke. De gearwurking mei MCL Academie, dy't al in besteande tradysje hat om as biblioteek foar de universiteit te tsjinjen, wurdt ek ferkend. Dêrnjonken is der Stichting Leeuwarden Studiestad dy't yn Ljouwert en omkriten noed stiet foar studintefoarsjennings as eveneminten, sport en kultuer, ensfh. De foarsjennings steane iepen foar studinten fan de hegeskoallen en universiteit(en).

- 3.6 Wetsus en de oare WaterCampus partijen sille nau gearwurkje en ôfstimme mei RUG/Campus Fryslân en de Fryske hegeskoallen op it mêd fan studintemarketing om meimekoar it imago fan Ljouwert as universiteitsstêd te ferbetterjen.

Rol regionale oerheid

- 3.7 De provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert wolle mei dizze oerienkomst befêstigje dat sy it gehiel fan boppesteande ôfspraken, dy't bydrage oan in sterk heger ûnderwiis yn Fryslân, stypje. De regionale oerheid bliuwt struktureel by de hiele ûnderwiisstring belutsen en draacht by oan de útfiering fan de ôfspraken.
- 3.8 Bestearde ôfspraken tusken de regionale oerheid oan 'e iene kant en universiteit/hegeskoallen, Fryske kennisynstellings en oanbieders fan studintefoarsjennings oan 'e oare kant wurde hanthavene en foarmje it ramt fan dizze oerienkomst. (Sjoch foar de meast relevante ôfspraken de taheakke).
- 3.9 De provinsje Fryslân beheart de effektmjittingsgegevens fan RUG/Campus Fryslân oer de perioade 2016-2030. De yn kêt 1.1. neamde partijen ynformearje de provinsje aktyf oer harren ûnderdiel of ûnderdielen dy't ûnder RUG/Campus Fryslân falle.

4. Útfiering, bestjoer en termyn


- 4.1 De oerienkomst giet yn op it stuit fan har ûndertekening en wurdt foar in perioade fan fyftjin jier oangien (eindatum 2030).
- 4.2 Oer de útfiering fan aktiviteiten yn it ramt fan dizze oerienkomst wurdt op syn minst ienris jiers, op inisjatyf fan de provinsje Fryslân, troch partijen oerlis fierd. It oerlis wurdt troch in amtlike koördinaasjegroep taret, ûnder ferantwurdlikens fan de provinsje Fryslân, dêr't ûnderskate partijen yn fertsjintwurdige binne.
- 4.3 Der wurdt op grûn fan de ôfspraken tusken RUG/Campus Fryslân, de provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert in Rie fan Advys foar de RUG/Campus Fryslân ynsteld. De Rie fan Advys kin ek as der net om frege wurdt advys jaan oer de strategyske beliedsûntwikkeling fan RUG/Campus Fryslân. Dêrnjonken hâldt hja de fuortgong fan de gearwurkingsagenda yn de gaten. De Rie fan Advys hat in ûnôfhinklik foarsitter en komt op syn minst ienris jiers, op inisjatyf fan de foarsitter, bymekear. Hja regelet sels har programma, reglemint en wurkwize.
- 4.4 De partijen neamd yn kêt 1.1. meitsje diel út fan de Rie fan Advys. De regionale oerheden krije in iepen útnûging foar de gearkomsten.
- 4.5 De útfiering fan de aktiviteiten yn it ramt fan dy oerienkomst wurdt hifke: yn 2018, 2022, 2026 en 2029. De hifking giet yn alle gefallen oer de doelen, útgongspunten en doelwearden fan de oerienkomst. De hifking giet ek oer de fraach yn hoefier't de doelen, útgongspunten en doelwearden relevant binne en yn 'e praktyk noch wurkje.
- 4.6 Yn it gefal der by ien of mear partijen ferlet is om de ôfspraak hielendal of foar in part te wizigjen, dan opponearret dy him by it oerlis as bedoeld yn kêt 4.2. Yn dat oerlis wurde dêroer dan fierder ôfspraken makke.

- 4.7 Dit akkoart kin opsein wurde, mitsdat it útstel in jier yn it foar skriftlik oan de oare partijen meidiel wurdt. By it oerlis as bedoeld yn kêst 4.2. hawwe partijen oerlis oer de situaasje dy't dan ûntstiet.
- 4.8 Dit akkoart is ek yn de Fryske en Ingelske taal oerset. Yn gefal fan ynterpretaasjeferskillen dy't folgje út de oersetting, slacht de Nederlânske ferzy foar master op.
- 4.9 Dizze oerienkomst wurdt oanhelle as: Heger-Ûnderwiisakkoart Fryslân.


Sa oerienkommen en ûndertekene yn Ljouwert op 24 juny 2016



Dairy Campus



Fryske Akademy



Gemeente Ljouwert



Hanze Hogeschool Groningen
University of Applied Sciences
Minerva Academie voor Popcultuur



MCL Academie
Medisch Centrum Leeuwarden (MCL)




NHL Hogeschool




Provinsje Fryslân



Rijksuniversiteit Groningen
Campus Fryslân



Stenden University of Applied Sciences



Tresoar




Universiteit Twente



Van Hall Larenstein
University of Applied Sciences



Waddenacademie



Wageningen University Research centre



Wetsus

TAHEAKKE

Besteande gearwurkingsôfspraken en koarte beskriuwing

Stichting Wetsus: European Centre of Excellence for Sustainable Water Technology

Wetsus is it Technologisch Topinstituut Watertechnologie, dêr't yn 2015 103 bedriuwen en tweintich nasjonale en Europeeske akademyske kennisynstellings multidisziplinêr meimekoar oparbeidzje om in wichtige bydrage te leverjen oan de oplossing fan de wrâldwetterproblematyk. Wetsus operearret hieltyd mear as Europeesk Centre of Excellence foar wettertechnology. Sûnt 2015 wurkje sawat 65 PhD's yn it ûndersyksprogramma fan Wetsus, binne der oanienwei sawat 30 MSc-studinten by belutsen en telt de Wetsus Academy (joint degree master RUG, UTwente, Wageningen UR) sawat 38 MSc studinten. Op grûn fan de feroardering REP SNN (Ruimtelijk Economisch Programma Samenwerkingsverband Noord-Nederland) binne foar it programma 'fuortsetting Wetsus' foar de perioade 2013-2020 finânsjes reservearre, dêr't ek ko-finansiering fan de provinsje en de gemeente Ljouwert oan keppele is.

Tusken de RUG en Wetsus besteane al lang gearwurkingsôfspraken op 'e terreinen fan ûndersyk (PhD programma Wetsus) en ûnderwiis (Wetsus Academy, joint degree master fan RUG, UTwente en Wageningen UR). Op it mêd fan ûndersyk hat Wetsus boppedat mei UMCG in langer duorjende gearwurkingsoerienkomst. By de gearwurking tusken Wetsus en RUG/Campus Fryslân binne de al besteande ôfspraken mei RUG en UMCG liedend, of it moat wêze dat RUG en/of UMCG de RUG/Campus Fryslân oanwiist as har plakferfanger foar har gearwurking mei Wetsus, en Wetsus en de joint degree partners (UTwente en Wageningen UR) dêr akkoart mei gean.

Fryske Akademy

De Stichting Fryske Akademy is in ynstelling foar de wittenskipsbeoefening oangeande de Fryske taal en kultuer, wêrfan't de ynstânholding troch de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip en de provinsje Fryslân mooglik makke wurdt. De Fryske Akademy is learre oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) en makket diel út fan de ynstutten- en ûndersyksorganisaasje fan de KNAW. De aard fan de ferbining tusken de Fryske Akademy en de KNAW wurdt troch harren yn ûnderling oerlis fêststeld. Selsstannigens en ienheid fan de Fryske Akademy bliuwe sa bewarre.

Yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018 (BFTK) binne yn haadstik 5 'kulturele aktiviteiten', paragraaf 5.2, de ôfspraken tusken it Ryk, de provinsje Fryslân en de Fryske Akademy fêststeld.

Tresoar

Tresoar is út in fúzje fan it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum (FLMD), de Provinciale en Bumabibliotheek (PBF) en it Ryksarby Fryslân (RAF) ûntstien. Tresoar is de Fryske biblioteek mei in wittenskiplike stipefunksje, woartele yn de eardere universiteit fan Frjentsjer en beheart it grutste part fan it Fryske argivalyske erfgoed.

It Ryk en de provinsje nimme oan de mienskiplike regeling 'De Letterhoeke' diel. Yn de mienskiplike regeling is de strukturele bydrage fan beide partijen oan de stichting FLMD opnommen. De Letterhoeke is ynsteld mei it doel de belangen fan de minister, de provinsje en it bestjoer fan de stichting by alle oangelegenheden oangeande de kolleksjes en argyfstikken, dy't eigendom binne fan de provinsje Fryslân, de Provinciale Bibliotheek yn Ljouwert en it FLMD yn Ljouwert, mei-inoar te behertigjen. Letterhoeke stelt him tagelyk as doel it yn de kolleksjes en argiven ûnderbrochte kultureel erfgoed op aktive wize tagonklik te meitsjen en te hâlden foar en ûnder de oandacht fan in breed publyk te bringen.

Yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taak en Kultuer 2013-2018 (BFTK) binne yn haadstik 5, 'kulturele aktiviteiten', paragraaf 5.3, de ôfspraken tusken it Ryk, de provinsje Fryslân en Tresoar fêststeld.

Waddenacademie

De Waddenacademie hat de ambysje om de wittenskiptsynhâldlike ûnderlizzer foar in ekonomysk en ekologysk ferantwurde takomst fan it wrâlderfgoed Waadsee te leverjen. De Waddenacademie wol dy ambysje ta stân bringe troch it útfieren fan de trije taken dêr't se op grûn fan de fjirde doelstelling fan it Waadfûns ferantwurdlik foar is, te witten:

- agindearje: it op de bestjoerlike en wittenskiplike aginda setten fan ûndersyksfragen dy't foar in ekonomysk en ekologysk ferantwurde takomst fan it waadgebiet relevant binne;
- programmearje: it stimulearjen fan in goede gearing tusken regionaal, nasjonaal en ynternasjonaal waadûndersyk;
- ynformearje: it op in tagonklike en ferantwurde wize nei bûten bringen fan de resultaten fan waadûndersyk.

Dêrnjonken wol de Waddenacademie alle oare middels dy't bydrage oan it ta stân bringen fan har ambysje ynsette, mei ynbegrip fan de wittenskiplike stipe fan (it buro fan) it Waadfûns. De basisfinansiering fan de Waddenacademie komt fan it Waadfûns.

Dairy Campus

Dairy Campus is it nasjonale en ynternasjonale sintrum foar ûndersyk, ynnovaasje, edukaasje en training op it mêd fan de melkfeehâlderij. De Campus is ûntstien út in gearwurkingsferbân tusken Wageningen UR Livestock Research, Van Hall Larenstein, Nordwin College, Dairy Training Centre, LTO Nederland, FrieslandCampina, gemeente Ljouwert en provinsje Fryslân. It PhD-programma is oan it ûndersyksprogramma fan Dairy Campus keppele. Dêrnjonken hat Dairy Campus noch twa pylders, te witten: kennistochstreaming en praktyklearen. De doelstelling fan Dairy Campus is it ta stân bringen fan fernijende en takomstbestindige oplossings foar in duorsume suvelsektor. Dairy Campus wurdt oant en mei 2020 meifinansiere troch it SNN út Europeeske programma's. Dêroan is ko-finansiering fan de gemeente Ljouwert en de provinsje Fryslân keppele.

Stichting Leeuwarden Studiestad

De Stichting Leeuwarden Studiestad (SLS) hat as doel om stúdzjetiid en ferbliuw fan studinten sa goed en ôfwikseljend mooglik foarm te jaan troch de organisaasje fan aktiviteiten op de folgjende mêden: kultuer en sport, eveneminten, húsfeesting, sûnens, leare, wurkje en ûndernimme, studintepartisipaasje yn de stêd. SLS hat op dit stuit in wichtige rol yn de koördinaasje fan studintehúsfeesting, citymarketing en ôfstimming fan alle studinte-oanbod en studinteyntroduksje en is in wichtige fraachbaak foar studinten. SLS docht dat, yn opdracht fan de Fryske hegeskoallen en RUG en op grûn fan in gearwurkingsoerienkomst mei UCF (opfolge troch RUG), Tresoar en de gemeente Ljouwert mei alle jierren in Programma Academisch Klimaat.

Master Environmental and Energy Management

De master Environmental & Energy Management (MEEM) wurdt sûnt 1999 troch Universiteit Twente yn Ljouwert oanbean. Inkelde hûnderten studinten út mear as 40 ferskate lannen hawwe ûnderwilen oan it programma meidien. Dat makket de oplieding unyk yn syn soart. Ôfstudearren wurkje ynternasjonaal yn topfunksjes by bedriuwen, oerheden en net-gouvernemintele organisaasjes as adviseur of manager by miljeu, wetter- of enerzjyprojekten.

Medisch Centrum Leeuwarden (MCL)

It MCL is it Fryske topklinyske opliedingssikehûs mei de stevige ambysje om by de top fan de Nederlânske sikehûssoarch te hearren. ûnderwiis, wittenskip en ynnovaasje spylje dêrby in wichtige rol. MCL Academie is it learhûs fan MCL dat de ferantwurdlikens, saakkundigens en ambysje hat.

De MCL Academie stipet en fersoarget in breed skala oan inisjele en postinisjele opliedings, by- en nei-oplieding en saakkundigensbefoardering oan in soad groepen fan meiwurkers. Op jierbasis wurdt oan mear as 500 studinten fan ûnderskate opliedings romte bean om yn it sikehûs ûnderfining op te dwaan en te learen op it wurkplak. Dêrnjonken biedt sy medyske likegoed as ferpleechkundige ferfolchopliedings. Alle jierren dogge mear as 150 arts-assistinten yn Ljouwert ûnderfining op, wêrfan't der 85 yn oplieding binne yn 23 ûnderskate medyske spesjalismen.

Yn trochsneed wurket it MCL oan 150 klinyske ûndersiken, dêr't sa'n 5000 pasjinten oan meidogge. It MCL heart dêrmei ta de fluchste stigters binnen de feriening fan Samenwerkende Topklinische opleiding Ziekenhuizen (STZ) wat (ynternasjonale) ympakt fan wittenskiplike output op de sûnenssoarch oanbelanget. It MCL hat fjouwer heechleararen en wurket op it mêd fan ûndersyksmetodology nau gear mei oare renommarre ûndersyksynstituten. It MCL wol op it mêd fan oplieding en ûndersyk lokaal eksellearje, regionaal regisearje, nasjonaal ynnovearje en ynternasjonaal partisipearje.

Rijksuniversiteit Groningen/Campus Fryslân

De Rijksuniversiteit Groningen/Campus Fryslân is op 1 jannewaris 2016 offisjeel útein set mei in fêstiging yn Ljouwert. Rijksuniversiteit Groningen/Campus Fryslân sil yn de kommende jierren sawat seis nije masterprogramma's oanbiede en in brede trijejierrige Ingelsktalige bacheloroplieding begjinne. Soks betsjut dat de studinten harren breed oriïntearje yn ûnderskate (besibbe) disiplines en fierder inkelde spesjalisasjes (tracks) kieze. RUG/CF fersoarget net ien bepaald wittenskipsgebiet, mar is rjochte op de multidisiplinêre bestudearring fan wittenskiplike fraachstikken, gearhingjend mei maatskiplike en ekonomyske tema's, dy't as relevant foar de Fryske regio bestimpele binne. Njonken de bacheloroplieding en masterprogramma's hat de RUG/CF in Graduate school mei in ynterdisiplinêre groep promovendi dy't nei sawat 50 dielnimmers groeie sil.

De kearnfilosofy fan RUG/CF is: regionale tematiken ferbine oan ynterdisiplinêre 'global issues'. Oars sein: RUG/CF leart studinten om teoretyske kennis fan maatskiplike fraachstikken, dy't op wrâldnivo spylje, ta te passen op kasuïstyk yn de regio.

Minerva Academie voor Popcultuur, Hanzehogeschool Groningen University of Applied Sciences

Fanút it referinsjeramt fan de 'populêre kultuer' liedt Minerva Academie voor Popcultuur op ta artystyk professional oan de unike oplieding 'Bachelor of Popular Culture'. De Academie huzet yn Ljouwert. Skaaimerke is de 'grassroots' of 'bottom up' mentaliteit, wêrby't in dialoach mei de maatskippij it foaroanplak hat. De oplieding siket mei klam nei in ferbining mei aktuele, maatskiplike ûntwikkelings. De studinten wurkje yn de kontekst fan learende 'communities', wêrby't sy harren kreativiteit, kennis en netwurk ynsette foar (ynterdisiplinêre) projekten, dêr't it betinken, meitsjen en dielen fan konsepten it foaroanplak yn hawwe.

Van Hall Larenstein University of Applied Science

Van Hall Larenstein is de grienste hegeskoalle fan Nederlân en lit dat yn eltse oplieding sjen, yn de ynhâld fan har ûndersyk en yn har bedriuwsfiering. Van Hall Larenstein liedt professionals op dy't oan in duorsume en bettere wrâld bydrage. Dat docht sy troch op in noflikke en tagelyk produktive wize meimekoar en har netwurkpartners gear te wurkjen. Mei ûndersyk en kennisfalorisasasje leveret sy in bydrage oan ynnovative en duorsume ûntwikkelings yn gearwurking mei partners út it wurkfjild. Sy kiest dêr in dúdlik ynhâldlik profyl foar rjochte op it duorsum brûken fan de boarnen fan de ierde foar fieding en natuer. Dat foarmet it ramt foar alle strategyske karren op it mêd fan ûnderwiis en op de praktyk rjochte ûndersyk.

Van Hall Larenstein is in persoanlike hegeskoalle en wol dêrom romte jaan oan de yndividuele studint foar it ûntwikkeljen fan syn/har talinten yn in ynspirearjend fermidden. Njonken it reguliere ûnderwiis wol Van Hall Larenstein yn de fraach fan it wurkfjild nei oplieding foarsjen. Van Hall Larenstein is dêrby op regionale, nasjonale en ynternasjonale studinten rjochte.

Gemeente Ljouwert

De gemeente Ljouwert wol mei de komst fan RUG/Campus Fryslân totale trochrinnende ûnderwiislearlinen yn stêd en regio befoarderje. Mei avansearre ûndersyksprogramma's is dy ûntwikkeling nedich om in ynnovatyf ekonomysk profyl fan stêd en regio te fêstigjen. Dat komt de ûntwikkeling fan nije kennis, ûntsluting fan dy kennis foar de maatskippij, ekonomyske dynamyk en (jonge) bedriuwen te'n goede.

Provinsje Fryslân

Yn it koälysje-akkoart 'Mei elkenien, foar elkenien' wol de provinsje har talizze op in ekonomy dy't de takomst treast is. In goed ûnderwiisklimaat is dêrfoar fan krúsjaal belang. De ambysje fan de provinsje is om de wearde fan it heger ûnderwiis fierder te fergrutsjen, nettsjinsteande it feit dat ûnderwiis gjin provinsjale kearntaak is. Yn de ôfrûne tweintich jier hat de provinsje de oanpak fan ûnderwiisferbettering altiten wiidweidich stipe. De ûnderwiisefterstannen yn it basisûnderwiis binne mei de ûnderwiisnota Boppeslach foar in hiel grut part weinommen en it meartalich ûnderwiis hat yn de Fryske provinsje in flinke sprong makke. Mei RUG/Campus Fryslân wol de provinsje de universitêre ambysjes foar altiten boargje.

NHL Hogeschool

Foar NHL Hogeschool binne in persoanlike en konstruktive ferhalding tusken de hegeskoalle en de studinten, de ynterdissiplinêre oanpak en it omtinken foar ûndernimmerskip wichtige spearpunten. Studinten, dosinten en ûndersikers wurkje yn lytse groepen yn nauwe wikselwurking mei it bedriuwslibben oan ûndersyk en ynnovaasje. De NHL Hogeschool leit har ta op de tema's 'Smart, Sustainable Industries' en 'Vital Regions'. Sa wurket de NHL Hogeschool oan it ferheegjen fan produktiviteit, it ferduorsumjen en fergrutsjen fan it wolwêzen yn regio's as Noard-Nederlân.

Stenden University of Applied Sciences

Stenden University hantearret trije pylders dy't it profyl karakterisearje, te witten ûnderwiis dat rjochte is om oplossings te bieden foar problemen, ynternasionalisearring en (tapast) ûndersyk. Ut dy pylders wei wol Stenden bydrage oan de ûntwikkeling fan de nijsgjirrige minsk, passend by syn of har libbenshâlding en learstyl. Stenden hat fiif fêstigings yn Noard-Nederlân en fjouwer fêstigings bûten Europa, nammentlik yn Baly, Katar, Thailân en Súd-Afrika. De hegeskoalle hat dêrom in sterk ynternasjonaal profyl en netwurk en is saakkundich yn 'toerisme, rekreaasje en hospitality', 'educatie zorg & welzijn' en 'biobased materials'.

NHL Hogeschool en Stenden University hawwe it foarnimmen en fusearje fan 1 jannewaris 2018 ôf. It te ferwachtsjen oantal studinten sil om-ende-by 22.500 persoanen wêze.

Wageningen University Research centre

As ynternasjonale kennisinstelling hat Wageningen UR de missy *“to explore the potential of nature to improve the quality of life”*. De ambysje fan Wageningen UR is om yn 2020 binnen it mêd 'sûn iten en wengebiet' it kennisynstitút yn Europa te wêzen en tagelyk ek in foaroansteande gearwurkingsspiler oer de hiele wrâld hinne. Dêrta moat Wageningen University by de wrâldtop bliuwe.

In eask is ek dat de posysje fan de universiteit as nûmer ien yn in fergelykjend ûndersyk ûnder studinten hoekhâlden wurdt. De ynstituten dy't tapassingsrjochte ûndersiken út 'e wei sette fan Stifting DLO moatte yn 2020 foarkarspartner wêze fan bedriuwslibben

en oerheden om griene kennis helpe te ûntwikkeljen en nei duorsume ynnovaasjes om te setten. Se kinne soks dwaan, om't sy oer in goede wittenskiplike basis beskikke, in klantrjochte oanpak en in sterk netwurk yn de 'gouden trijehoek' fan oerheid-bedriuwslibben-kennissynstellings. It fjild fan Wageningen UR, 'gezonde voeding en leefomgeving', bestiet út trije gearhingjende kearngebieten, te witten (1) iten en produksje fan iten, (2) wengebiet en (3) sûnens, libbensstyl en libbensomstannichheden.

